

**Protestantske Gemeente Aldegea / Oudega SWF c.s.**

**“Tsjerke fan de Moanne”**

**Snein 25 septimber 2022**

**Om 10.00 oere yn de Ankertsjerke yn Âldegea**



**Tweede zondag van de herfst/Vredeszondag**

Foargonger	ds. Wim Andel
Oargelist	Meile Tamminga
Alderling fan tsjinst/Lektor	Wiepie Woudstra-Wiersma
SaxEMM	Anna Hoekstra, Arjen Steur, Gerlofke Visserman, Margriet Dijkstra
Sjongeressen	Janneke Warringa & Elske Fekkes
Pianist	Peter van der Zwaag
Meiwurking Oekraïne Brass:	Grietje Bakker, Sanne de Boer, Rutmer Boersma, Wilma Kempenaar, Amber Snip en Jorn Stavenga
Koster	Minne Posthuma

**Oarder fan Tsjinst**

**Oargelspul "God heeft het eerste woord" (lied 513) – bewurking troch Yme G. Visser**

**Wolkom - de 'Kears fan Ferbining' wurdt oanstutsen**

**Sjonge           Liet/Psalm 78: 1 en 2**

1

Myn folk, ik wol geheimen iepenteare,  
doch de earen iepen foar wat dy jim leare.  
Ferburgen dingen wol ik fan fertelle,  
yn foarfaars wurden, eartiids ús ferhelle,  
romrofte deden, dêr 't Gods wûndermacht  
yn trochklinkt foar it fiere neigeslacht.

2

God hiet ús om de skatten fan de skiednis,  
syn wet, syn ûnderrjocht oer al wat wier is,  
te ûnthâlden en syn heil fan earder dagen  
oan bern en bernsbern suver út te dragen.  
Sa sil it hiele folk fan Israël  
wer weet hat fan it ljocht fan Gods bestel.

**Stil gebed**

**Bemoediging en groet**

## Zingen      Klein Gloria

Ere zij de Vader en de Zoon  
en de heilige Geest,  
als in den beginne,  
nu en immer en van eeuwigheid  
tot eeuwigheid! Amen.

### Inleidende woorden en aanvangstekst Psalm 85: 9-11

Ik wil horen wat God ons zegt. De HEER spreekt woorden van vrede tegen zijn volk, zijn getrouwen. Laten zij niet weer vervallen in dwaasheid! Voor wie Hem eren is zijn hulp nabij: zijn glorie komt wonen in ons land, trouw en waarheid omhelzen elkaar, recht en vrede begroeten elkaar met een kus.

### Liet "Do en ik"

It bekrûpt my, ik bin bang  
it hat my yn betwang  
wy libje wis yn in ûnwisse tiid  
mei in oarloch hiel tichtby  
de frijheid aanst foarby  
hoe folle minsken stjerr' yn dizze striid

Soms tocht ik earder al  
as ik noch fjirtich wurd  
sûnder in firus of klimaatramp is it in wûnder  
mar troch dy bommen  
strûpt de wrâld folslein der ûnder  
se sweve boppe ús en reitsje alles hurd

Dan wurd ik bang, komt de panyk en wol ik flechtsje  
mar sa't Annie Schmidt al sei: dat kin net mear,  
mar mei alle noed fan no  
myn grutste treast, ja dat bisto  
dat mien ik echt, al dogge bylden en berjochten ús sa sear

Want do en ik, ien foar d'oar  
wy skûlje by elkoar  
dêr dog' wy alles foar, do en ik  
al rint alles út it spoar  
wy sjonge mei elkoar  
yn 't hieljend fredeskoar, do en ik.

Aa....aa.....aa.....aa.....aa.....

Oersetting/bewurking: Baukje Wytsma/Peter van der Zwaag  
Oarspronklike tekst en muzyk: *Jij en ik* - Robert Long

## **Gebed**

**Zingen**      **Lied 863: 1, 5 en 6**

1

Nu laat ons God de Here  
dankzeggen en Hem eren,  
want goed zijn alle dingen  
die wij van Hem ontvingen.

5

Wij bidden U, Algoede:  
wil altijd ons behoeden;  
de kleinen en de groten,  
houd ze in uw hart besloten.

6

Bewaar ons in uw waarheid,  
geef ons op aarde vrijheid,  
met alle mensen samen  
uw rijk, Heer, te beamen.

## **Skriftlêzing**

### **Alde Testamint - Amos 6:3-7**

3 Jim sette de ûnheilsdei fier fan jim ôf,  
mar helje de hearskippij fan it geweld krekt nei jim ta.  
4 Dat hinget mar om op ivoarene rêstbanken  
en jout him noflik del op rêstbêden.  
Jim dogge oars net as de lammen út 'e keppel  
en de keallen út 'e stâl opite;  
5 jimme âlje by it lûd fan 'e liere  
en miene dat jim mei jim muzykinstrumenten David belykje kinne.  
6 Jim drinke wyn by 't kûmfol tagelyk  
en salvje jimme mei de djoerste oalje,  
mar dat Joazefs folk de ûndergong temjitte giet, dat lit jim kâld.  
7 Dêrom geane jim aanst as earsten de ballingskip yn,  
is de godsspraak fan de Heare, de Almachtige God;  
dan is it út mei jim getjirch,  
omhingers dat jim binne!

**SaxEMM**      **'Cent Mille Chanson'** van Michel Magne

## **Skriftlêzing**

### **Nije Testamint - Lucas 16:19-31**

19 Der wie ris in ryk man, dy't alle dagen poarperen en linnense klean oan hie en der fleurich en rojaal hinne libbe. 20 Mar by de poarte fan syn hûs lei in earme man, Lazarus hiet er.

Dy siet ûnder de swolms 21 en graach hied er ite wollen fan wat der by de rike fan 'e tafel ôffoel. Der kamen sels hûnen om syn swolms te beslikjen.

22 De earne man stoar en de ingels droegen him nei in plak dêr't er flak nêst Abraham kaam te sitten. 23 De rike stoar ek en krige syn begraffenis. Mar yn it deaderyk waard er slim tamtearre. En doe't er de eagen opsloech, seach er fan fierren Abraham mei Lazarus flak nêst him.

24 Lûd rôp er: Heit Abraham, haw meilijen mei my en lit Lazarus it tipke fan syn finger yn wetter dippe en my de tonge kuolje. Ik fergean fan 'e pine yn dizze lôge. 25 Mar Abraham antwurde: Betink, soan, datsto dyn part fan it goede by dyn libben al hân hast en Lazarus it minne. No wurdt hy hjir treaste en do lijst pine. 26 Dêr komt by, tusken ús en jimme is in wide spjalt makke.

Dat dy't hjirwei nei jimme ta wolle, kinne dat net iens en oarsom likemin.

27 Doe sei er: Dan freegje ik jo, heit, om him nei ús âldershûs te stjoeren, 28 want ik haw fiif bruorren. Dy moat er goed warskôgje, dat hja net lykas ik op dit plak fan pine te lâne komme.

29 Mar Abraham sei: Hja hawwe Mozes en de profeten; dêr moatte se mar nei harkje.

30 O nee, heit Abraham, sei er, dat wurdt neat; mar as der ien út 'e dea wei by harren komt, dan sille se feroarje. 31 Mar Abraham sei: As se net harkje nei Mozes en de profeten, dan sille se ek net om sizzen jaan, as der ien út 'e dea ferriist.

## **Zingen            Lied 718**

1

God, die leven  
hebt gegeven  
in der aarde schoot,  
alle vrucht der velden  
moeten w' U vergelden, -  
dank voor 't daaglijks brood.

2

Niet voor schuren,  
die niet duren,  
gaaft Gij vruchtbaarheid,  
maar opdat op aarde,  
in uw goede gaarde,  
niemand honger lijdt.

3

Maar wij rijken,  
ach, wij blijken  
hard en onverstoord.  
Open onze oren,  
Heer, opdat wij horen  
't roepen aan de poort.

4

Wil dan geven,  
dat ons leven  
zelf ook vruchtbaar zij.  
Laat in goede daden  
't werk van uw genade  
opgaan, sterk en vrij.

## **Prediking**

**Zingen**      **Lied 213: 1, 2 en 3**

1

Morgenglans der eeuwigheid,  
licht aan 't eeuwig Licht onttogen,  
stel ons deze ochtendtijd  
uwe heerlijkheid voor ogen,  
en verdrijf door uwe macht  
onze nacht!

2

Laat als milde morgendauw  
uw genade tot ons komen  
en de dorstige landouw  
van ons leven overstromen,  
ja, verkwik ons door uw troost  
onverpoosd.

3

Laat uw heil'ge liefdegloed  
onze koude werken doden  
en versterk in ons de moed  
om, de eeuw'ge nacht ontvloten,  
voordat wij ten ondergaan,  
op te staan.

## **Gebeden**

**SaxEMM**      **"Arrival of the queen of Sheba"** - G.F. Händel

Oankundiging fan de kollekte voor de Voedselbank

**Slotlied**      **Lied 657: 1 en 4**

1

Zolang wij ademhalen  
schept Gij in ons de kracht  
om zingend te vertalen  
waartoe wij zijn gedacht:  
elkaar zijn wij gegeven  
tot kleur en samenklank.  
De lofzang om het leven  
geeft stem aan onze dank.

4

Ons lied wordt steeds gedragen  
door vleugels van de hoop.

Het stijgt de angst te boven  
om leven dat verloopt.  
Het zingt van vergezichten,  
het ademt van uw Geest.  
In ons gezang mag lichten  
het komend bruiloftsfeest.

## Zegen & Amen

**Oargelspul:** "Eens, als de bazuinen klinken" (lied 769) - bewerking van Gerrit Stulp

---

Scan de QR-code om te betalen voor Gift  
bestemd voor de Voedselbank .  
Gebruik de Camera App op je telefoon.

De QR-code is geldig tot 28 augustus 2024.



<https://betaalverzoek.rabobank.nl/betaalverzoek/?id=Tmva5UwcSJCNCChvA8kb8eA>

---

“Tsjerke fan de Moanne”

Wilt u bijdragen in de kosten van deze uitzendingen? Dan kunt u een bijdrage overmaken naar het bankrekeningnummer IBAN: NL15 RABO 0373 744 471 t.n.v. Raad van Kerken Fryslân.  
Hartelijk dank voor uw bijdrage! Voor vragen en suggesties m.b.t. de diensten kunt u terecht bij de Werkgroep Tsjerketsjinsten Fryslân. Emailadres: [tsjerketsjinstenfrl@gmail.com](mailto:tsjerketsjinstenfrl@gmail.com)  
Meer informatie over de Werkgroep is te vinden op [www.raadvankerkenfryslan.nl](http://www.raadvankerkenfryslan.nl)